

‘Hieltyd mear raakflakken mei bûtenlân’.

Dit jier organisearret de Wurkgroep bûtenlân fan de Vereniging Agrarische Bedrijfsadviseurs al wer foar it tsiende jier in reis nei it bûtenlân. De kar foar in lân is altyd itselde: der moat in link wêze mei de Nederlânske agrosektor. De ûnderfiningen en learpunten binne oeral wer oars. De Wurkgroep bûtenlân kiest de te besykjen lannen net samar út.

Cor van der Vaart, foarsitter fan de wurkgroep en wurket by Alfa accountants en adviseurs, fertelt: “It motyf om dizze reizen te organisearjen is om de adviseurs yn’e kunde te bringen mei de mooglikheden fan in lân foar de agraryske sektor, hoe’t oerheden dêr wurkje en wat foar Nederlânske inisjativen der binne. Wy besjogge it ûndernimmersklimaat en sykje kânsen en bedrigingen. Krekt de miks tusken wat Nederlanders yn it lân dogge en wat de ynlânske befolking der docht, is learsum.”

Sa gie de earste reis yn 2005 nei Denemarken omdat dêr op dat momint in protte Nederlânske greidboeren hinne lutsen. Yn 2008 waard Ierlân besocht om benammen te learen oer it tapassen fan beweidzjen.

Foarich jier reizge men ôf nei Oekraïne, ûnder mear om dêr de protte inisjativen van Nederlânske kassebou te besjen.

Dit jier sil Normandië yn Frankryk besocht wurde. Behalve de reizen fan mear as ien dei set de Wurkgroep bûtenlân sûnt inkele jierren ek in ekskurzje fan twa dagen op tou. “Dy geane nei Brussel, Frankfurt of Lúksemburg en binne bedoeld om ynternasjonale ynstellingen en EU departeminten te besjen en bygelyks om te sjen hoe’t LTO dêr operearret.”

Konneksjes en netwurken.

Yn de measte gefallen leit de wurkgroep sels de kontakten mei de besykdressen. “Soms ha wy sels rjochtstreeks kontakt mei Nederlanders dy’t der sitte, soms rint it fia oaren. It is ien kear gebeurd dat wy it bedriuw MeetIn ynskeakele ha om de reis te organisearjen.” De belangstelling foar de reizen is goed. Elk jier geane der 20 oant 25 minsken mei. Van der Vaart: “Sommige dielnimmers binne sels aktyf yn it bûtenlân. Se helpe om der bedriuwen op te setten of ha der kontakten mei kollega adviseurs.

Oaren dogge neat mei it bûtenlân, mar binne gewoan nijsgjirrich. Ik merk dat foarljochters en adviseurs wol hieltyd mear raakflakken krije mei it bûtenlân, it spilet mear.”

Oarsom is it ek sa: de lannen sjogge dochs ek wol nei de Nederlânske agrosektor. “Foaral de technology wurdt út Nederlân oankocht. Yn de túnbou ûnder glês sjogge jo dat in protte; de kassebou en masines om blommen te ferwurkjen komme faak út Nederlân. En yn de greidbuorkerij spilet de Nederlânske fokkerij yn de ús omringjende lannen dochs ek wol in rol.”

Gefolgen

De reizen kinne ek leuke gefolgen ha. Dat makke finansieringsdeskundige Hein-Willem Leeraar mei, doe’t er yn 2008 mei gie nei Ierlân. “Yn de bus nei in folgende trekpleister kamen wy by in fjild lâns, wêr’t, sa die bliken by ynspeksje, mais ûnder trochsichtige foly groeide. Nimmen fan de 25 dielnimmers hie soks earder sjoen, ik ek net.

De funksje dêr fan wiisde út om de grûn op te waarmjen en sa it seizoen om te rispen nei foaren te heljen.” Leeraar fûn it sa ynteressant dat er letter mei in oanbuortjende leanwurker nochris werom gie foar in fierdere stúdzje fan it teeltsysteem. “No ymportearje ik de foly en de masine dy’t der foar nedich is. Dêr binne der sân fan yn Nederlân. Op dit stuit wurdt der sa’n 800 hektare fan, ik skat in goeie hûndert boeren yn Nederlân, op dizze wize ynsiedde. It is in part fan myn breawinning wurden om hjir oer te advisearjen.”

De reis nei Oekraïne hat yndruk makke op Van der Vaart. “It sjen fan de grutte tsjinstellingen yn dat lân, de hearskjende hiërargy, de burokratyske ynstelling, de politike belangen dy’t der spylje.” Fan dy reis notearre Justus Bijlsma, de reislieder fan it bedriuw MeetIn, it folgjende: “Moarns besykje wy roazekweker Ascania Flora. Hy is de grutste roazekweker fan Europa mei in kassekompleks fan 50 hektare. Dêrnei geane wy troch nei in âlderwetske Sovjet Kolchoze. Dit is Oekraïne sa’t it grutste part fan de bedriuwen der út sjocht.

Op it hiem is it, yn tsjinstelling ta de eardere besites, net oprimme.

De stâlen binne net skjinnich en it materiaal wurdt net ûnderhâlden. De âldere eigner fan it bedriuw jout oan, wol fernije te wollen, mar dat er ynvestearders nedich hat. Sa binne der in protte bedriuwen mei potinsjeel wêr’t yn de organisaasje in protte ferbettere wurde kin om ta in hegere opbringst te kommen.

In protte fan de Nederlân omringjende lannen hat de VAB yn de tuskentiid besocht. It oare jier begjinne wy dus wer boppe oan it listke mei Denemarken? Van der Vaart: “Ja, miskien wol. mar wy sjogge ek wol útdagingen yn bygelyks Itaalje. En Amearika en Kanada binne ek altyd yn trek, al leit de drompel dêr foar wat heger.